



**BLOED, SWIT EN TRIENNEN**  
(Bloed, zweet en tranen)

**Jûnfoljende klucht yn twa bedriuwen**

**door**

**C.J. SLIJKOORD**

**Fryske oersetting fan**

**Griet Reitsma**

**TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.**  
(Grimas Theatergrime verkoop)  
Tel: 072 - 5 11 24 07  
E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)  
Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)

## VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **BLOED, SWIT EN TRIENNEN – BLOED, ZWEET EN TRANEN** gaan opvoeren, dienen in alle programma-boekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **C.J. SLIJKOORD** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

**Copyright: 2014 © Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv**

**Internet: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)

Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

**Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **9** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË:** Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,  
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.  
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

## PERSONAAZJES EN KLEAN:

**Pieter** – Pieter is in ZZP-er en wurket yn 'e bou. Einliks kinst better sizze dat Pieter **wurke** yn 'e bou. Troch de finansjele krisis sit er al in skoft sûnder wurk. Alles wat hy mei 'bloed, swit en triennen' opboud hat driget hy te ferliezen. As der net gau in opdracht komt sil er syn hûs ferkeapje moatte. In sitewaasje dy't de nedige spanning jout. Dêrom is Pieter ek gau yrritearre. Pieter is kreas, mar sportyf, yn 'e klean. It is in man fan 40-45 jier.

**Frieda** – Frieda is de frou fan Pieter. Mei de kluchten fan Pieter giet se luchtich om, se sjocht de takomst beslist net tsjuster yn. Har motto "de tiid sil it leare" leveret gauris yrritaasje op by Pieter. Frieda klaait har tige froulik, ek yn skuon, sieraden, make-up en hier. Frieda is in frou fan 40-45 jier.

**Carolien** – Carolien is de jongste van de trije ynwenjende bern. Se makket har alhiel gjin soargen om de finansjele sitewaasje fan it gesin. Net om't it har net ynteressearret, mar om't se net by steat is har soargen te meitsjen. Se is geastlik beheind, mar dat wurdt kompensearre om't se in gouden hert hat. Carolien klaait har net neffens de moade. Noflik is foar har belangriker as modern. Se hat gjin make-up op, se hat in "Pippi Langkous" kapsel mei twa sturtsjes, in sikefûnsbriltsje, in blommich jurkje of in te lange rok, wite sokjes en platte skuon. Har leeftyd moat fansels yn oerienstimming wêze mei har rol as jongste dochter fan Pieter en Frieda.

**Anja** – Anja is de âldste dochter fan de famylje Bohemius. Sy is in selsstannige jonge frou, se hat in grut ymprovisaasjefermogen, wêrtroch se op de ien as oare manier altyd oan wurk wit te kommen. Anja is in hiele moadebewuste jonge frou. Dat komt benammen ta utering yn har klean, kapsel, sieraden en make-up. Har leeftyd moat oerien komme mei har rol.

**Lennard** – Lennard is in pierewaaier dy't him absolút gjin soargen makket oer de finansjele tastân thús, as oer syn eigen takomst. Syn favorite beuzichheid is feestfiere. Sy neame him dan ek net foar neat it feestnûmer. Lennard moat delsetten wurde as in oerjierrige puber en moat ek sa klaaid wurde. It leafst mei in learen jaske en opfallende learen sieraden. Hy is om-ende-by 20 jier.

**Martha** – Martha is de skoanmem fan Pieter. Se kin it net litte om har

hieltyd wer mei it gesin fan har skoansoan te bemuoien. Sadwaande komt se gauris yrritant oer. Sy hat dúdlik “de broek” oan en har man hat dan ek neat yn te bringen. Alhoewol ’t Martha út in deagewoan arbeidersgesin komt, fielt se harsels nochal wat mear as in oar. It is har dan ek in stikel yn ’e foet dat har man it nea fierder skopt hat as mitselder yn ’e bou. Martha hat sjyke klean oan dy’t pasje by har leeftyd. Sy draacht opfallende sieraden en in moaie grize prûk. Martha is in frou fan tusken de 65 en 75 jier âld.

**Bertus** – Bertus is de man fan Martha en skoanheit fan Pieter. Djip yn syn hert kin hy it poerbêst mei syn skoansoan fine. Troch de ynfloed fan syn frou is syn hâlden en dragen oars dan hy wolle soe. It makket in grut ferskil as Bertus allinnich by Pieter en Frieda is, as yn it bywêzen fan syn frou. Bertus is sober, mar kreas yn ’e klean. De leeftyd fan leit tusken de 65 en 75 jier.

**Sjaan** – Sjaan is de mem fan Pieter. In grutte mate fan bemuoisucht kin ek har net ûntsein wurde. Se komt út in arbeidersgesin en hat altyd hurd wurkje moatten om de eintsjes oan elkoar te knoopjen. Sy ferleagenet har ôfkomst net en sit dúdlik yn noed oer it feit dat Pieter al sa lang sûnder wurk sit. Se komt te pas en te ûnpas by Pieter en Frieda oer de flier en hat in miening oer alles. Dat docht se op in manier dy’t net altyd op priis steld wurdt troch Pieter en Frieda. Har motto “doch mar gewoan, dan dochst al gek genôch” sjochst werom yn har klean. Se is hiel “gewoan” klaaid, sieraden en make-up brûkt se net. Se hat in hekel oan Martha, se fynt har in “kakwiif”. Sjaan is tusken de 65 en 75 jier âld.

**Droepi** – Droepi wurdt yn it twadde bedriuw opfierd as de ynternetfreon fan Carolien. Koartsein kin steld wurde dat Droepi, krekt as Carolien, net sa’n grut ferstân hat. Hy hat gjin manieren, komt tige ûnnoazel en lomp oer en klaait him útwrydsk. Hy hat it hier yn in skieding dy’t krekt oer de midden fan ’e holle rint. Dit is, dúdlik sichtber, mei in soad glimmende, fette gel dien. Hy hat in grutte bril op. Hy hat gjin smaak as it op klean oankomt. Hy hat in oerstrûper oan mei in ôfgryslke strik dy’t net goed knope is en ek net goed sit. Syn oerstrûper hinget foar in part út syn broek. De broek is fierstente koart. Hy hat hiel fel kleure sokken oan en sportskuon dy’t hielendal net by de broek passe.

## WAT NEDICH IS EN YNRJOCHTING KEAMER:

- Foar kleanadvyzen en byhearrende attributen (tas, sieraden ensfh.) sjoch persoansbeskriuwing.
- In mantel as jack foar Carolien.
- De keamer dêr't it stik him ôfspilet hat twa doarren. De **rjochter** doar giet nei de oare parten fan 'e wenning, lykas de keuken, sliepkeamers en sa. De **linker** doar is de doar nei de gong en dan nei bûten.
- Der moat in doarbel wêze.
- Yn 'e keamer stiet in tafel mei seis stuollen, in lytse bank as twa fauteuils, en in dressoir as berchmeubel.
- Yn it dressoir/berchmeubel lizze in skriuwblok en in pen.
- De keamer moat ynrjochte wurde mei it boppeneamde dressoir/berchmeubel. Dêr stiet in tillefoan op. Fierder moat de keamer wat oanklaaid wurde mei in skemerlampe, krantebak, wat skilderijen, tydskriften, in krante ensfh.
- Anja hat in modern hântaske of skoudertas dêr't har iPhone yn sit.
- Ek Lennard hat in iPhone.
- In blêd mei acht kopkes, in sûkerpotsje, molkkantsje en koeketromp.
- In plúskebiezem.
- Twa klapstuoltsjes.
- In deeglik hântaske foar Martha (pasjend by har leeftyd)
- In glês wetter.
- In bûsdoek dy't Pieter by him hat.

## EARSTE BEDRIUW

*(Yn 'e keamer sitte Pieter en Frieda oan 'e tafel. Carolien rint om mei in plúskebiezem en stoffet it berchmeubel, skilderijen ensfh.)*

**Pieter:** *(yrriteard)* Hâldt asjeblyft op mei dat stomme gedoch. Lis dat ding del en gean sitten.

**Carolien:** *(ûnnoazel)* Praat heit tsjin my?

**Pieter:** *(mear yrritearre en synysk)* Nee hear, ik praat tsjin Eucalypta. Dy kaam krekt op har biezem foarby. Romje die rommel no mar op, want ik ha skjin myn nocht derfan.

**Frieda:** Hâld dy in bytsje yn, Carolien kin der neat oan dwaan dat se noch gjin wurk hat. *(Carolien seit neat en giet mei de plúskebiezem by de tafel sitten)*

**Pieter:** Ynhâlde? Dat falt noch net ta mei sa'n skiep yn 'e buert.

**Frieda:** Dat 'skiep' is oars wol dyn bloedeigen dochter.

**Pieter:** Dat mei ik al hoopje..

**Frieda:** *(wurdt ynienen poerrazend)* WAT!! Twifelsto dêroan dan??

**Pieter:** *(noartsk)* It spyt my. Fansels twifelje ik dêr net oan. Ik ha allinich ferskriklik it smoar yn.

**Frieda:** *(no ek yrritearre)* Fertel my ris wat nijs. Dat hast al moannen!

**Carolien:** *(sjocht beteutere)* Toe, jim moatte net bongelje om my. Dêr fyn ik hielendal neat oan.

**Frieda:** Wy bongelje net om dy leave. Mar do witst dat heit ZZP-er is en dat er al in skoftke gjin wurk hat. Dêr wurde wy wat senuweftich en kribbich fan. Mar do hast gelyk. Dêrom hoege wy noch gjin rûzje to meitsjen.

**Carolien:** Heit wurket dochs yn 'e bou? Timmerje, mitselje en dat soarte fan dingen? Hy docht ommers neat yn 'e ZZP as hoe jim dat ek mar neame?

**Pieter:** *(skuldbewust wylst Carolien oandachtich lústert)* It spyt my leave. Ik sil it dy noch in kear útlizze. ZZP stiet foar 'Selsstannige sûnder personiel'. Dat betsjut dat ik mysels, sis mar, ferhier as oannimmer. Fanwege de krisis is der eins neat te dwaan yn 'e bou. It personiel dat by in oannimmer yn tsjinst is kriget alle moannen syn sinten. Mar om't ik in ZZP-er bin, krij ik neat. En om't ús sparsinten hast op binne, is it jild om iten en klean te keapjen ek hast op. Snapst it in bytsje?

**Carolien:** No, dan ha ik in goeie oplossing foar heit!

**Pieter:** Oh ja? Fertel. Do makkest my nijsgjirrich!

**Carolien:** *(docht tige gewichtich)* No moat heit hiel goed nei my lústerje en alles wat ik sis hiel goed ûnthâlde. Ofpraat?

**Pieter:** Ofpraat!

**Carolien:** Heit giet moarn nei mear de oannimmer en dan seit heit tsjin him dat heit net mear ZZP'er wêze wolle, mar personiel. (*trionfantlik*) Dan krijt heit alle moannen sinten om iten en klean te keapjen. (*tige grutsk*) Is dat net in goed idee?

**Pieter:** Dat is in hartstikke goed idee! Spitigernôch kin dat samar net. Mar dat lis ik dy letter noch wolris út. No ha ik och sa'n sin oan kofje. Ik woe mar sizze: "leave Carolien, is der ek kofje miskien"?

**Carolien:** (*laket*) Dat seit heit altyd as heit kofje ha wol. Dat fyn ik sa leuk! Ik sil fuort kofje sette. Mem, wol mem ek kofje?

**Frieda:** Graach leave.

**Carolien:** (*rint nei de rjochter doar, stekt de wiisfinger op*) en net tsiere as ik fuort bin hear. (*giet ôf*)

**Frieda:** Och it is sa'n pop! Wy moatte better om ús wurden tinke as Carolien derby is.

**Pieter:** It mei dan net in grut ljocht wêze, mar se is absolút de leafste!

**Frieda:** Sa is dat! En... is de bui wer wat oerwaaid?

**Pieter:** Ja hear. Mar ik sit der wol freeslik oer yn. Ik soe neat leaver wolle... (*de bel fan de foardoar giet*) Och nee wol. As dat dejinge is dy't ik tink dat it is, dan giet de wet fan Murphy ek wer hielendal op..

**Frieda:** (*giet stean en rint nei de linker doar*) Wa tinkst dan dat it is?

**Pieter:** Ik bin bang dat it mem is. Dy komt altyd op mominten dat je der gjin ferlet fan ha.

**Frieda:** (*laket*) We sille it sjen!

**Pieter:** As se it net is yt ik myn skuon op.

**Frieda:** (*komt mei Sjaan der yn*) Do hiest gelyk, skat.

**Sjaan:** (*giet by de tafel sitten en seit synysk:*) Hat hy in kear gelyk? Wêrmei dan wol?

**Frieda:** (*giet ek oan tafel sitten*) Hy foarsei dat syn memke foar de doar stie doe't de bel gie. Hy hie it dus by it goeie ein.

**Sjaan:** Dat kloppet. Hoe is 't hjir? Sa as gewoanlik?

**Pieter:** Hoe bedoele jo "sa as gewoanlik".

**Sjaan:** Ik ha de heale nacht wer yn 'e baan west en besocht om mei in pear bekers waarme molke myn pinemage wat del te bêdzjen. It hat spitigernôch neat jûn. Ús mem sei altyd: "niet klagen, maar dragen". En gelyk hie se. Fan kleien is noch nea ien better wurden. Mar hawar, dêr kaam ik net foar. Ik woe efkes witte of't der noch nijs is.

**Pieter:** (*droech*) Nee hear, de sitewaasje is hjir sa stabyl as it mar kin. De ôfrûne oardel oere binne der gjin wrâldskokkende dingen bard.

**Sjaan:** En wat wolst dêr krekt mei sizze?

**Pieter:** (*synysk*) Ik wol der allinnich mar mei sizze dat mem hjir oardel oere lyn ek al wie en frege of 't der nijs wie. (*lêbich*) Foar alle



dúdlíkheid, sûnt it lêste oardel oere is der gjin nijs te melden.

**Sjaan:** Ek net fan ien as oare oannimmer?

**Pieter:** *(krijet hieltyd mear it smoar yn en begjint lûder te praten)* Nee!  
Ek net fan ien as oare oannimmer.

**Sjaan:** Do hiest earder nei my lústerje moatten. Do hiest nea foar dysels begjinne moatten. No hast it gedonder yn 'e glêzen.

**Pieter:** *(hieltyd lilker)* Mem, hâld asjebleaf op mei dat gesei... uhhh... gesanger. Op dit stuit ha ik wol wat oars oan 'e kop dan nei dat geëamel fan jo te lústerjen.

**Sjaan:** Do kinst no wol liik wurde, mar it is net myn skuld datsto no sûnder wurk sitst. Ik sjoch dy noch mei in útstrutsen gesicht sitten doe't ik dy warskôge. Witst noch wat asto doe sein hast?

**Pieter:** Nee!! Dat wit ik net en dat kin my ek gjin reet skele!

**Sjaan:** No ik wit it oars noch as de dei fan juster. Do fregest my breed laitsjend as ik de oerienkomst wist tusken in begraffenisûndernimmer en in ZZP-er yn 'e bou. Doe't ik sei dat ik gjin flau idee hie seidest dat der altyd minsken dea gean sille en dat oerlibjenden altyd earne wenje moatte. Dus... foar sawol in begraffenisûndernimmer as in ZZP'er in 'e bou soe der altyd wurk bliuwe. Moai net dus! Witst it wer? *(sa synysk mooglik)* yn ien ding hiest gelyk. Der bliuwe yndied altyd minsken dea gean Is it net troch sykte as in ûngemak, dan wol fan 'e honger om't se troch wurkleazens nog gjin droech brea keapje kinne.

**Frieda:** Mem, litte wy it gesellich hâlde. Pieter hat it sa al slim genôch, mem hoecht dat fierder net yn te wriuwen. Ha mem eins al by de dokter west mei dy pinemage?

**Sjaan:** In dokter is foar sike minsken.

**Frieda:** En mem is **net** siik! Dat jo lêst fan 'e mage ha is samar fansels kommen!

**Sjaan:** Krekt! Ik tink dat it klearebare senuwen binne. Do silst it sjen, as skylk alles hjir wer foar de wyn giet, bin ik sa fan myn pinemage ôf, tink ik.

**Pieter:** Dan hoopje ik mem ynkoarten fan 'e pinemage ôf te helpen.

**Sjaan:** Dat hoopje ik ek jonge. Dat is foar ús beiden it bêste. Do hast dan wurk en yn dat gefal bin ik fan 'e pine ôf.

**Pieter:** Dus as ik it goed begryp bin ik de oarsaak fan jo ellinde.

**Sjaan:** *(skytskoarjend)* No ja..... eins wol.

**Carolien:** *(komt troch de rjochter doar de keamer yn mei in blêd kofje. Sy set dat op 't tafel del, is tige bliid Sjaan te sjen en jout har in tút)*  
Wat gesellich dat beppe der is. Wol beppe ek kofje?

**Pieter:** *(sa synysk mooglik)* Ja hear, tige gesellich.

**Carolien:** *(sa ûnnoazel mooglik)* Ja dochs? Woe beppe no wol as net kofje, beppe?

**Sjaan:** Nee hear skat. Ik moast efkes nei tante Joke. En om't ik hjir dochs delkaam, tocht ik by mysels: "ekfes sjen oft der noch nijs is". Mar, nee hear. (*giet stean en rint nei de linker doar*) Ik wit wol wer genôch. (*synysk*) Bliuwe jim mar gesellich sitten, ik kom der wol út. (*ôf*)

**Carolien:** (*giet by de tafel sitten en skinkt kofje yn. Alle trije drinke harren kofje wylst it petear fierder giet*) Spitich dat beppe Bohemius wer sa gau fuort giet.

**Pieter:** (*sarkastysk*) No dat falt genôch ta hear!

**Frieda:** Wêr is ús feestnûmer?

**Carolien:** Dy sil wol op syn keamer wêze.

**Pieter:** Ik tink it ek. Doe't ik fanmoarn noflik siet te krantlêzen kaam menear krekt de keamer yn. Ik frege him fansels wêrom't er sa betiid derôf wie. Witst wat er sei?

**Frieda:** Gjin flau idee!

**Pieter:** Menear fertelde my kalmwei dat er krekt thúskaam. Hy hie gesellich op stap west. Dat is dochs net te leauwen! Op stap oan't moarns ier! Hy koe syn ferstân wol net ha. Nee, dy leit foarearst noch wol ûnder de fodden.

**Frieda:** Ast mei dy fodden myn dekbêd bedoelst, kin ik dy meidiele dat it krekt nij is.

**Carolien:** (*beteutere*) No dogge jim it alwer!

**Frieda:** Wat dogge wy alwer?

**Carolien:** Bongelje!

**Frieda:** Wy tsiere dochs net? Wy ha allinnich mar...., uhhh... in lyts ferskil fan miening. Is it net sa... Pieter?

**Pieter:** (*koart*) Ja.

**Anja:** (*is fia de linker doar deryn kommen en giet by de tafel sitten. Sy hat in taske by har en is troch alles hinne bliid*) Bingo!!!

**Carolien:** Wêr wie de bingo?

**Anja:** Do tinkst doch net dat ik nei sa'n stomme bingojûn west ha? Nee, ik ha myn gelok op in oare manier socht. Ik ha sollisitearre bij de Taksy Sintrale en bin fuortdaliks oannommen.

**Frieda:** Ik wist hielendal net datsto dêr sollisitearre hiest.

**Anja:** Dat hie ik sels ek nea tinke kinnen. Dit kaam my samar oanwaaien. Mem ken Berber wol no? Har heit is taksysjauffeur by de Taksy Sintrale. Berber hie it der juster oer dat ien fan harren planners halje-trawalje ûntslach nommen hat. Ik bin der fuortdaliks op ta gongen, ha mei de eigner praat en sein dat ik graach as planner oan 'e slach wol. Earst hat hy my eksakt ferteld wat dat by syn bedriuw ynhâldt en dêrnei frege hy oft ik der beswier tsjin hie om ien kear yn 'e trije wike yn it wykein as jûns te wurkjen. Doe't ik hearde wat my

dat opsmyt wie ik gau út 'e rie. Ik ha de papieren tekene en kin no moandei begjinne.

**Pieter:** Dat neam ik nochris strontmazzel hawwen. Lokwinske fanke!

**Frieda:** En hoe komt it dan no mei dyn baan hjir yn 'e doarpswinkel?

**Anja:** Dêr ha ik al hinne west. Ik fernaam dúdlik dat se my eins wol slite woenen. Sa bêst gean de saken dêr net. As ik fuortgean skeelt dat wer in salaris.

**Carolien:** En hast oars ek noch wat wûn?

**Anja:** Hoe bedoelst?

**Carolien:** No... gewoan... mei de bingo.

**Anja:** (*glimkjend*) Ik ha de haadpriis wûn! In oare baan.

**Carolien:** Wat in nuvere priis. Ik hoopje datsto in oare kear mear gelok hast.

**Anja:** Ik bin oars dik tefreden hear. (*pakt it mobyltsje út har taske*) Efkes Berber sms'e.

**Carolien:** Wat silst dwaan? Nei de bank?

**Anja:** Hoe komst dêr no wer by?

**Carolien:** Do giest dochs mei Berber nei de SNS Bank?

**Anja:** (*laket*) Oh, no snap ik it. Nee hear, ik sil allinnich efkes in berjochtsje stjoere nei Berber. Dat hjit sms'e.

**Carolien:** Ik begryp hjir hie-len-dal neat fan.

**Anja:** Dat hindert neat hear. Dy mobyltsjes binne ek sa yngewikkeld. Mem hat it ek noch hieltyd net foar it ferstân hoe't se der mei omgean moat. Nee dochs, mem?

**Frieda:** Dat is sa. Jim groeie der mei op, mar foar my is it allegear abrakadabra.

**Anja:** Ik soe der net mear sûnder kinne.

**Frieda:** (*giet stean en jout Anja in tút*) Yn elts gefal lokwinske. Hartstikke moai foar dy.

**Carolien:** (*jout Anja ek in tút*) En ik wol dy ek lokwinskje mei dyn priis. Ek al fyn ik it eins wol in nuvere priis...

**Anja:** (*breed laitsjend*) Och... ik bin der tige bliid mei. No sil ik earst nei myn keamer. Ik wol noch wat freonen sms'e en dan sil ik dêr de binde ris efkes wat opromje. (*docht de tillefoan yn har taske en giet ôf troch de rjochter doar*)

**Pieter:** Sy is my der ien. Wat in oar noch betinke moat hat sy al lang dien.

**Frieda:** Wol moai dat se in oare baan hat. Se hie al lang har nocht fan 'e doarpswinkel.

**Pieter:** En wat foar in baan.

**Frieda:** Ik bin wol bliid dat se sels net de dyk út hoecht as sjauffeur. Hearst tsjintwurdich de frjemdste dingen.

**Pieter:** Dat is wol sa, mar ús Anja hoechst ek net út te poetsen. Dy kinst wol om in boadskip stjoere.

**Carolien:** Mar net nei de doarpswinkel, want dêr wurket se net mear. *(dan komt har wat yn't sin en se krikt)* Oh, blinder. Ik soe Lieke helpe om it ledikantsje fan 'e souder te heljen. Net om't it sa swier is, mar soks is gewoan net handich om allinnich mei om te skuorren. *(komt oerein en rint nei de linker doar)* Ik bin hjir sa wer hear. *(ôf)*

**Pieter:** Ik snap net dat Lieke dat ledikantsje net mei dy fint fan har nei ûnderen hellet. Der mankearret him dochs neat oan 'e hannen?

**Frieda:** Nee, mar hy is ommers krekt út it sikehûs. Hy is oan 'e rêch holpen en mei net tille, en net ûnnoadich treprinne. Dy pop fan in Carolien hat fansels fuort oanbean om te helpen doe't se it hearde. *(sjocht op it horloazje)* Mar efkes wat oars, ik miende dat heit en mem komme soenen?

**Pieter:** Dat is wier ek. Bin ik efkes bliid dat mem al op hûs oan is.

**Frieda:** Sis dat wol. Ik begryp net wêrom't sy sa'n hekel oan mem hat.

**Pieter:** Ik wol!

**Frieda:** Lis ris út.

**Pieter:** Oké. Nim my net kwea ôf, mar dyn mem hat it krop frijwat heech en se is bazich. Us mem is mear it type 'doch mar gewoan, dan dochst al gek genôch'. Dat slach minsken botst no ien kear mei-inoar. Dêr komt noch by dat ús mem in frijwat ûngewoane lichaaamlke ôfwiking hat.

**Frieda:** Dyn mem? Hokker lichaaamlke ôfwiking bedoelst?

**Pieter:** Eltsenien hat it gelok dat syn as har hert feilich opsletten sit yn 'e boarstkast. Spitigernôch hat ús mem it hert op it puntsje fan 'e tonge. In ferhipt kwetsber plakje sil ik dy fertelle, en dat hat gauris ferfelende konsekwinsjes.

**Frieda:** *(laket)* Ik hie it sels net better sizze kinnen. Do hast gelyk. Dyn mem is hiel oars as dy fan my. Myn mem docht oars neat as de sjike dame úthingje en in oar kommandearje. Ik ha ek gauris begrutsjen mei heit. Hy hat hielendal neat yn te bringen.

**Pieter:** Ik ha ek faak mei dyn heit te dwaan. Mar wat ik net be... *(de doarbel giet)* Dêr silst se ha. Bliuw do mar sitten, ik lit se der wol yn. *(giet ôf troch de linker doar)*

**Frieda:** Ik hoopje mar dat mem har fatsoen wat hâlde kin en it dizze kear net sa mâl opseit..

**Pieter:** *(komt mei in tige senuweftige Carolien binnen. Carolien hat de jas noch oan)* Gean no earst ris efkes rêstich sitten bedarje dy wat. Sil ik in gleske wetter foar dy helje? *(beide gean by de tafel sitten)*

**Carolien:** *(oerémis)* Nee. In bryfke en in pen. Gau, foardat ik it ferjit. *(praat tsjin harsels)* Max, Max, Max, Max.

**Frieda:** Wat seist no?

**Carolien:** Neat! Gau. Pen en papier. Max, Max, Max, Max.

**Frieda:** (*giet stean en rint nei it wandmeubel dêr't se in skriuwblokje en in pen út hellet. Se jout dit oan Carolien*) Wat is der yn 'e goedichheid te rêden?

**Carolien:** (*begjint te skriuwen en praat wilens troch*) Sa! Dêr hat de plysje wat oan! (lilk) Wat in stik ûnfatsoen! (*skuort it stik papier út it skriuwblokje*)

**Pieter:** Bedarje dy no efkes en fertel ús earst ris wat der bard is. Do hast it oer de plysje en in stik ûnfatsoen.. ik kin der gjin tou oan fêstknoopje.

**Carolien:** Der is in ûngelok bard. Flak foar it hûs fan Lieke.

**Frieda:** Wat is der dan bard?

**Carolien:** In keardel yn in lytse frachtauto fleach as in dief mei syn rjochtertsjil oer de stoepe. Dêr boarten in pear bern en hy ried samar in bernefytske oan grom. Gelokkich hat er nimmen oanriden, want it mantsje fan 'e fyts siet in eintsje fierder mei syn freontsjes te knikkerjen doe't it barde. Eins is it goed beteard. Mar doe barde der noch wat slimms. (*sjocht triomfantlik nei heit en mem*)

**Frieda:** Fertel fierder.

**Carolien:** Earst stoppe dy Ill.. uhhh... keardel, en doe..... doe joech er in stik gas en naaide út. Hy hat der grif net op rekkene dat ik alles sjoen ha. Ik ha ûnderweis nei hûs hieltyd opsein wat wichtich is foar de plysje.

**Pieter:** (*sjocht tige grutsk nei syn dochter*) Hast it nûmerboerd ûnthâlden?

**Carolien:** (*sjocht hiel gewichtich*) Nee. Folle better! Ik ha syn namme!

**Pieter:** Wat goed fan dy.

**Frieda:** Wy binne tige grutsk op dy, Carolien. Hoe hjit hy?

**Carolien:** (*sa gewichtich mooglik*) Hy hjit Max. (*wachtet efkes en sjocht tige grutsk nei heit en mem*) ..... Max Laadvermogen!

**Pieter:** (*slacht himsels mei de flakke hân tsjin de foarholle*) Nee hin!!! Sis dat it net wier is! Dit kin dochs net?

**Frieda:** Leave skat. Do hast in lyts foutsje makke. Do hiest it nûmerboerd ûnthâlde moatten ynstee fan de namme.

**Carolien:** Mar de plysje hat dochs ek wat oan de namme fan 'e sjauffeur?

**Pieter:** No moatst ris goed nei my lústerje. Yn dit gefal hat de plysje hie-len-dal neat oan dy namme. Do moatst ferjitte watst sjoen hast. Praat der mei nimmen oer en gean nei Lieke. Dat is **wier** it bêste watsto op dit stuit dwaan kinst.

**Carolien:** (*ferstuivere*) Oh... ik miende dat ik it krekt goed dien hie.

**Frieda:** Dat hiest it ek goed dien leave. Jou dat bryfke mar oan my.  
(*krijet it bryfke*) Wa wit kin ik der noch wat mei. Gean no mar gau nei  
Lieke ta te helpen.

**Carolien:** (*komt bliid oerein en huppelt nei de linker doar*) Goed, dan  
gean ik no foar de twadde kear nei Lieke. No doech! (*ôf*)

**Pieter:** Net te leauwen!!!

**Frieda:** Dat is sa, mar har bedoeling is goed.

**Pieter:** Sa as gewoanlik. Se hat **wier** in gouden hert. Dat is in ding wat  
seker is. Spitigernôch moatte wy ek fêststelle dat se net foaroan stien  
hat doe't it ferstân útdield waard.

**Frieda:** Do wilst it wer moai te fertellen. Ast der mar wol om tinkst dat....  
(*de doarbel giet*) Dêr silst heit en mem ha. (*giet ôf troch de linker  
doar*)

**Pieter:** (*sa sarkastysk mooglik*) Se sil wol yn fol ornaat foar it ljocht  
komme, myn alder-, alderleafste skoanmem. Dêr is ek nochris gjin  
wurd oan leagene. As je mar ien ha, is se yn alle gefallen de alder-,  
alderleafste. (*tige synysk*) Hearken, je sille twa fan sokke eksimplaren  
der op ta krije as je trouwe. Ik moat der net oan tinke..

**Martha:** (*komt mei Bertus en Frieda troch de linker doar de keamer yn  
en gean by de tafel sitten*) Sa, dêr binne wy wer.

**Pieter:** (*synysk*) It is goed datst it seist. It wie my noch net opfallen.  
(*Bertus laket lûd om dizze opmerking*)

**Martha:** (*liik moar foaral kwetst*) Sit net sa stom te gnizen! As dy  
opmerking bedoeld is om my foar skut te setten dan fyn ik it nearne  
op slaan. En as it bedoeld is om grappich te wêzen, dan fyn ik it  
ferskriklike flau en kin ik der net om laitsje. En do ek net!! Ja dochs.....,  
Bert?

**Bertus:** Uhhhh.....ja!

**Pieter:** (*noch hieltyd synysk*) De besitekaartsjes binne wer útwiksele.  
Mar ha ik it goed heard? Hat it bistke in oare namme krigen?

**Martha:** Ast mei dat "bistke" dyn skoanheit bedoelst, dan moat ik tajaan  
datsto hjoed aardich wekker bist. Ik fyn Bertus sa'n boerenamme.  
Bert klinkt folle sjiker en dat fynt hy sels ek. Ja dochs Bert?

**Bertus:** It makket my neat út hear.

**Pieter:** Heit lústert oeral nei, net heit?

**Bertus:** (*hellet de skouders op mar seit neat*)

**Frieda:** Wêrom neame jo heit ynienen oars? Ik neam Pieter fan 'e iene  
op 'e oare dei dochs ek gjin Piet? As Pedro. Allinnich mar om't it sjiker  
klinkt?

**Martha:** Dat moatsto witte. Ik doch it wol.

**Frieda:** Ik fyn it mar nuver. Wat mankearret der yn 'e goedichheid oan  
de namme Bertus?

**Martha:** Do moastst in kear lústerje Frieda. Ik ha dy al sein dat ik de namme Bertus frijwat....hoe sil ik it sizze... frijwat boersk klinken fyn.

**Pieter:** Mar Bertus syn heit wie dochs in boer?

**Martha:** (*lilk*) Pardon?

**Pieter:** Jo ha my wol heard. Ik sei dat Bertus syn heit boer wie.

**Martha:** (*fel*) Dat wie hy **net!!!** Syn heit wie agrariër!

**Pieter:** (*ferheard*) Dat is dochs itselde!

**Martha:** Hielendal net. In boer is immen dy't in pear kij hat en alle dagen oan it kin ta troch de stront rint, wylst in agrariër mear in....., uhhh... heareboer is, immen mei in grutte feestapel, boere-arbeiders, in soad lân en mear fan dat soort saken. Dus.... Bert syn heit wie in agrariër.

**Pieter:** Heit, hiene pake en beppe eartiids in boerebedriuw dat folle grutter wie as de oare boeren yn 'e omkriten?

**Bertus:** Nee hear, wy hiene eins mar in lytse pleats. Dêrom woe ik net fierder mei ús heit syn bedriuw.

**Pieter:** Nim my net kwea ôf. Jo heit wie dus gewoan in.... boer?

**Bertus:** Fansels, hy wie... (*wurdt ûnderbrutsen troch Martha*)

**Martha:** Foar de lêste kear! Hy wie **net gewoan** in boer, mar in agrariër! En dermei út!

**Pieter:** En hy hie mar in lytse pleats? Dat ha jo niis dochs sels heard?

**Martha:** Hy hie dan wol net de grutste buorkerij, mar yn dy omkriten sieten allegear agrariërs. De iene wat grutter as de oare, mar it wienen allegear heareboeren. **Agrariërs!**

**Frieda:** Sa kin it wol ta. Boer as agrariër, it makket my neat út.

**Martha:** My wol. En Bert ek. Ja dochs?

**Bert:** Uhhhh... ja.

**Martha:** Lit ús der mar oer ophâlde. Hoe is it mei dy? Hast al wurk?

**Pieter:** (*kalm*) As dat sa is binne jim de earsten dy't it hearre.

**Martha:** Mei oare wurden, do hast noch hieltyd neat.

**Bertus:** Der is yn 'e bou op dit stuit gjin droech stikje brea te fertsjinjen. Doe't ik noch yn 'e bou wurke kamen wy om yn it wurk. By wize fan sprekken waard eltsenien dy't ek mar in bytsje handich wie frege as hy **asjeblyft** yn tsjinst komme woe. Wy hienen in tekoart oan alles. Timmerlju, stukadoars, mitselders, skilders, neam mar op. Mar it is op 't heden om te gûlen yn 'e bou.

**Pieter:** Krekt! Ik sjoch it dan ek tsjuster yn.

**Martha:** Ik tink dat ik it **wol** begryp.

**Pieter:** (*sarkastysk*) Oh ja? Ik bin tige benijd nei mem har fisjy.

**Martha:** Ik tink dat de minsken dy't no yn 'e bou wurkje net mear deselde kwaliteit leverje kinne as eartiids. Ik bin der wis fan dat Bert as foarman oeral oan 'e slach kin mei syn steat fan tsjinst. Mar de hjoeddeiske generaasje kneukelhouters komme fansels net oan 'e

bak.

**Frieda:** (*fel*) Mem, hoe doart mem! Wêr basearret mem dat yn 'e goedichheid op?

**Martha:** Dat is net sa dreech. Eltsenien dy't in bytsje ferstân fan wenningbou hat sjocht dat dochs!

**Frieda:** Mar mem hat dochs nul komma nul ferstân fan wenningbou?

**Martha:** Tinkst dat? Ik wenje al sa'n fjirtich jier yn in eigen hûs. Dan witte je wol it ien en oar.

**Pieter:** Ik soe sizze: gryp dy kâns! As ik mem sa hear is der noch genôch te fertsjinjen yn 'e bou. Mem kin sels wol in oannimmersbedriuw begjinne. Jo ha yn alle gefallen de bêste foarman ta jo beskikking.

**Bertus:** Besparje my dy ellinde. Yn it earste plak ha ik nea in liedingjaande funksje hân, en yn it twadde plak soe ik dat ek net iens wolle.

**Martha:** (*tsjin Frieda*) Dat is no wer typysk jim heit.

**Frieda:** (*ferheard*) Wat bedoelt mem?

**Martha:** Syn beskiedenheid! (*tige arrogant*) Gjûn ûnderfining as liedingjaande. It giet net om ûnderfining op dat mêd. Liedingjaande kapasiteiten! **Dêr** giet it om. En dy hat hy by de rûs. Allinnich al syn útstrieling is genôch om in bedriuw te runnen.

**Bertus:** (*mei in djippe sucht*) Martha, do moatst my net sa foar skut sette. Wêrom seist soks allegear?

**Martha:** It wurdt heech tiid datsto dy ris bewust wurdst fan dyn kapasiteiten dy't altyd besikest te ferstopjen.

**Bertus:** (*skodhollet*) Dan bin ik bang dat ik sels net mear wit wêr't ik alles ferstoppe ha. Leave dochter fan my, wêr binne de bern?

**Frieda:** Carolien is efkes nei ien ta te helpen, en de oare beide binne op harren keamer. Ik rop se wol efkes. (*fia de **rjochter** doar ôf*)

**Martha:** (*bits*) Do ek altyd mei dy bern. Lit se gewoan lekker op harren keamer.

**Pieter:** Wêrom? Se kinne oars ek wol efkes ûnder komme hear.

**Frieda:** (*troch de **rjochter** doar op, folge troch Anja dy't har tillefoan by har hat. Frieda giet by de tafel sitten*) Lennard komt daliks.

**Anja:** (*giet entûsjast nei Bertus, mar 'ferjit' Martha te begroetsjen. Se krûpt Bertus oan en giet neist him sitten*) Hoi pake! Alles goed?

**Bertus:** Ja hear. Alles kits ûnder de rits.

**Martha:** BERTUS!!! Wat is dat no foar praat tsjin sa'n bern.

**Pieter:** Bertus? Fynt mem dat gjûn boerske namme? Hy hjit dochs Bert?

**Anja:** Ik bin al lang gjûn bern mear, hear beppe.

**Martha:** Goh, ik wist net datsto my al sjoen hiest.

**Anja:** It spyt my beppe, ik hie der efkes gjûn erch yn om jo te goeie te



sizzen. (*bliuwt sitten*) Alles goed mei beppe?

**Martha:** (*synysk*) Ja hear, tankewol foar dyn waarme belangstelling.

**Lennard:** (*op fia de rjochter doar rint nei Bertus en krûpt him oan. Ek hy giet by de tafel sitten. Hat in iPhone yn 'e hannen*) Hoi beppe, alles goed? (*giet mei syn iPhone sitten te boartsjen*)

**Anja:** Wêr hast justerjûn hinne west?

**Lennard:** Nei "De Ponderosa". Wier in te gekke disco. Hasto dêr wolris west?

**Anja:** Nee, noch nea.

**Lennard:** (*jout syn tillefoan oan Anja*) Moatst dat ynterieur sjen, it liket wol in âlde saloon fan binnen.

**Anja:** (*wylst Bertus mei sjocht*) Fet cool, man.

**Bertus:** (*wat ferheard*) Ik miende dat dat in tillefoan wie?

**Anja:** Hast goed, pake. Dit is in iPhone.

**Bertus:** Wat is dat no wer?

**Lennard:** Hoe sil ik dat no ris maklik útlizze. In iPhone is in soarte fan tillefoan, dêr't jo mei belje kinne, en sms'e, maile, twitterje, muzyk lústerje, en foto's en filmkes meitsje as besjen. Kinst der folle mear mei as in gewoane tillefoan. Eins is it soarte fan lytse kompjûter.

**Bertus:** In kompjûter dêr'st ek mei belje kinst, begryp ik. No soks giet my boppe de pet. Dêr begryp ik hielendal neat fan. Do kinst my alles wiismeitsje. Wat yn 'e goedichheid is twitterje? As sms'e? No ja, as ik earlik bin kin it my ek neat skele. It is my fierstente dreech!

**Frieda:** En in protte oerstallige ballêst.

**Anja:** (*tsjin Frieda*) Alles wat mem net begrypt fynt mem oerstallige ballêst.

**Lennard:** Dit is hartstikke fet, mem. Ik.... (*de doarbel giet*)

**Frieda:** Dat sil Carolien wol wêze. (*giet ôf troch de linker doar*)

**Martha:** Leuk! Wat mear sielen, wat mear wille. (*Frieda komt de keamer wer yn, Sjaan komt fuort efter har oan. Frieda giet sitten, Sjaan bliuwt stean*)

**Pieter:** Sjoch ris oan. (*tsjin Martha*) Mem har winsk komt fuortendaliks út. Jo hiene it dochs oer 'wat mear sielen, wat mear wille'?

**Sjaan:** (*ferheard*) Och nee wol, it spoek fan 'e opera is der ek yn kommen. En no mar hoopje dat se net begjint te sjongen, want dat soe de ramp hielendal kompleet meitsje. Ik gean no gau fuort. En ik fersykje jim om my tenei te warskôgjen as jim besite krije.

**Pieter:** Mem, doch net sa flau en gean sitten.


**Lennard:** Toe beppe, ik fyn it krekt leuk dat beppe hjir is.

**Anja:** Al bliuwe jo mar hiéééél efkes. Dat is dochs gesellich?

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

 072 5112407



**“Samenspelen” is ons motto**